provinsje fryslân
provincie fryslân

postbus 20120
8900 hm leeuwarden
tweebaksmarkt 52
telefoon: (058) 292 59 25
telefax: (058) 292 51 25

www.fryslan.frl
provincie@fryslan.frl
www.twitter.com/provfryslan

provinsje fryslân

Gemeente Weststellingerwerf
Gemeenteraad (Griffie)
Postbus 60
8470 AB WOLVEGA

Ljouwert, 21 juny 2021
Ferstjoerd, 24 JUNI 2021

Ús merkteken : 01892780
Ôfd/Opjefte : Bestjoerssaken
Opsteld troch : L. de Raad / l.de.raad@fryslan.frl
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : it fierder ûntwikkeljen fan ynterbestjoerlik tafersjoch yn Fryslân

Achte leden,

Yn it ôfrûne heal jier is de provinsje Fryslân úteinset mei it fierder ûntwikkeljen fan it ynterbestjoerlik tafersjoch (IBT). De kearn fan dat fierder ûntwikkeljen is te kommen ta tafersjoch op mjitte foar alle gemeenten op basis fan risiko-analyze. By dy nije oanpak steane dialooch en gearwurking tusken de oanbelangjende oerheden sintraal. Uteinlik hat dy oanpak as doel om de bestjoerlike kwaliteit yn Fryslân nei in heger plan te tillen. Yn dit brief lizze wy út wêrom't wy dat wolle, hoe't wy dat doel berikke wolle en hokker plenning wy dêrby foar eagen hawwe.

Oanlieding en in lytse foarskiednis
Direkte oanlieding om it IBT tsjin it ljocht te hâlden, wiene de konklúzjes fan it ûndersyk fan Pro Facto. De beliedsevaluaasje fan Pro Facto (april 2019), op fersyk fan de provinsje en yn gearspraak mei de ûntfangers fan tafersjoch útfierd, hat dúdlik makke dat it IBT op in tal plakken ferbettere wurde moat en dêr binne oanrekommandaasjes foar dien. Dy konklúzjes en oanrekommandaasjes binne mei de tafersjochhâlder en tafersjochûntfangers dield. Op grûn fan de oanrekommandaasjes hawwe tafersjochhâlder en tafersjochûntfangers yn novimber 2019 (VfG) mei-inoar keazen foar in takomstich IBT dat tafersjoch op mjitte troch risiko-analyze foar foarstiet. It fierder ûntwikkeljen fan it IBT, dat no ynset is, docht rjocht oan dat beslút.

In twadde oanlieding is in lanlik inisjatyf dat yn juny 2020 yn it libben roppen is, de Agenda van de Toekomst van het Toezicht (ATT)[1]. By dy aginda binne alle provinsjes, gemeenten en it Ryk fertsjintwurdige. Doel fan dat inisjatyf is om mei-inoar ta in nije wurkwize foar it IBT te kommen, wêryn't tafersjoch op mjitte en risiko's sintraal steane. Ek wol de ATT ynstruminten ûntwikkelje dy't dêrby ynset wurde kinne. As provinsje binne wy streekrjocht by dat inisjatyf behelle en wolle wy de ATT as 'kapstok' foar it takomstich IBT-belied brûke.
Fierder wurde op koarte termyn in tal wetten ynfierd dy't it IBT streekrjocht reitsje. Foarbylden dêrfan binne de Omgevingswet, de Wet Open Overheid en de nije Archiefwet. Us wurk sil ek troch ynfiering fan boppesteande wetten (en it ferfallen fan inkelde wetten) beynfloede wurde.

Wy wolle op boppesteande ûntwikkelingen ynspylje en dêrmei it fernijde IBT effektiver foar alle oanbelangjenden meitsje. De provinsje fynt it fan grut belang dat it fernijde IBT yn goed oerlis mei de tafersjochûntfangers ynfolle wurdt. Dat slút oan op it Fryske koperaasjetinken, ien fan de kearnwearden fan ús provinsje.

Tafersjoch op mjitte en risiko-analyze
IBT hâldt tafersjoch op de krekte útfiering fan de meibewâldtaken, ûnderferdield yn sân fêststelde domeinen: argyf en ynformaasjebehear, húsfêsting ferbliuwsrjochthawwers, monumintesoarch en argeology, omjouwingsrjocht, romtlike oardering, Frysk en wetter. It ôfrûne jier hawwe wy brûkt om oer de nije opset fan it IBT nei te tinken en de ynterne organisaasje op dat ûnderdiel fuort te sterkjen. Fan 't jier brûke wy om, yn 'e mande mei de tafersjochûntfangers, in konkrete wurkwize te ûntwikkeljen. Dy wurkwize moat derfoar soargje dat wy sicht krije op risiko's by de útfiering fan meibewâldtaken troch gemeenten en Wetterskip Fryslân.

Yn de nije situaasje meitsje wy as tafersjochhâlder mei alle yndividuele tafersjochûntfangers spesifike ôfspraken oer de prioritearring en behearsking fan risiko's. Der wurdt foar alle tafersjochûntfangers apart in tafersjochplan opsteld dat alle jierren yn twa tafersjochpetearen tsjin it ljocht hâlden wurdt. It earste petear is yn 'e maitiid en giet benammen oer it identifisearjen en prioritearjen fan risiko's (risikoprofyl), dêr't behearmaatregels en ôfspraken oan keppele wurde (mei-inoar foarmje sy it tafersjochplan). Yn it twadde petear, dat yn 'e hjerst is, sil it opstelde tafersjochplan evaluearre wurde en wurdt der sjoen nei de aktualiteit fan de risiko's. It tafersjochplan wurdt oanpast as dêr oanlieding foar is. Yn de petearen wurdt ek sjoen nei ûntwikkelingen dy't op de tafersjochûntfangers ôfkomme. Risikofolle ûntwikkelingen wurde yn it tafersjochplan ferwurke.

Learend tafersjoch
Alle yndividuele tafersjochplannen byinoar biede in totaaloersjoch fan risiko's yn de hiele provinsje. In wichtich doel fan it fernijde IBT is om te learen fan it werkennen en behearskjen fan risiko's. De kâns is reëel dat risiko's by meardere tafersjochûntfangers foarkomme, wêrtroch't it dielen fan effektive behearmaatregels de oare tafersjochûntfangers tige helpe kin. As tafersjochhâlder wolle wy dêr pro-aktyf yn hannelje troch 'best-practices' te sammeljen en ûnder tafersjochûntfangers te fersprieden. Dêrneist sille wy mei dúdlik omskreaun temaûndersyk risiko's útdjipje, wêrtroch't wy dy better leare te begripen en tips en advizen oan tafersjochûntfangers jaan kinne. Fia stekproeven sille wy monitoare yn hoefier't behearmaatregels feitliken útfierd wurde en effektyf binne.

[1] Foar mear ynformaasje oer de ATT: *https://www.rijksoverheid.nl/documenten/rapporten/2020/06/11/actieplan-agenda-toekomst-van-het-toezicht-att*

Planning
It jier 2021 is in pilotjier. Wy brûke dit jier om de earste ynhâldlike petearen oer paswurk en risiko's te fieren. Yn it ôfrûne heal jier hawwe wy mei alle tafersjochûntfangers ien of mear petearen (om mei-inoar yn 'e kunde te kommen) fierd. Dêrneist binne wy yn petear mei ús eigen kollega's mei it each op ynterne ôfstimming. Koartsein: 2021 is it jier dêr't de nije wurkwize en organisaasje yn opset wurde.In stap dêrnei is it draaien fan in pilot; foar fan 't simmer sille wy mei inkelde gemeenten mei-inoar komme ta in earste tafersjochplan. Op basis fan dy ûnderfinings sille wy nei de simmer in gruttere groep tafersjochûntfangers oanskriuwe om ek mei harren dy petearen te fieren. De opbringst út de pilot en de petearen yn 'e hjerst sjogge wy as wichtige ynbring foar it struktureel ynrjochtsjen fan it IBT yn 2022 en fierder.

Wêr wolle wy útkomme?
Utgongspunt is dat it fernijde IBT fan tafoege wearde foar alle oanbelangjende oerheden en aktoaren wêze moat. Troch dialooch, gearwurking en in 'ien-oerheid'-oanpak wolle wy yn 2022 nei in krêftich en effektyf IBT tawurkje, wêrby't de rollen en ferantwurdlikheden foar elk dúdlik binne. Dat slút oan op it Fryske koperaasjetinken, ien fan de kearnwearden fan ús provinsje. En it effekt de kommende twa jier mei 50% tanimme sil.

Wy sjogge út nei de gearwurking en hawwe der betrouwen yn dat wy mei-inoar ta in effektyf IBT komme sille.

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

R.E. Bouius - Riemersma, MBA MCM, sekretaris

voor deze, de loco-provinciesecretaris

provinsje fryslân